



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Zondag 26 augustus 2018

Een rustige zondagochtend, na een paar roerige dagen waarin het dorpsfeest werd gevierd. Gemeenteleden en gasten maken hun gang naar de kerk om elkaar te ontmoeten en samen te zijn.

Welkom en mededelingen



De ouderling van dienst, Truus Sterrenburg, heet gemeenteleden en gasten van harte welkom. Ook iedereen die de dienst later op cd hoort en hierdoor met ons vanochtend verbonden is.

Dienst van de voorbereiding

Wy sjonge steande ús iepeningsliet, Liet 280: 1, 2 en 3: *‘De freugde liedt ús nei dit hûs, hjir komt ús ‘t wurd benei. God ropt syn namme út oer ús, wy sjonge fan syn dei’*



Wy bidde ús stil gebed

Nei **bemoediging en drompelgebed** sjonge wy Liet 280: 5 – 7: *‘Dit hûs slyt lykas wy, mar wa’t hjir feilich skûlplak fûn wurdt bliuwend op syn libbenspaad wer moed en*

sterkte jûn’

De 10 geboaden fan Ds. Doede Wiersma wurde lêzen

Gezongen kyrie en gloria: Lied 299j, voorzang door de voorganger: 1 en 3; allen: 2 en 4: *‘Om de mensen en de dieren, om de honger en de dood, om de kleinen en de groeten, al uw schepselen in nood’*

Dienst van de Schriften

Wij bidden het gebed van de zondag



Lêzing út it Alde Testamint: 2 Keningen 4: 42 - 44

As tuskensang sjonge wy Liet 390: 1, 4 en 5: *‘It brea dat op ierde wûn wurdt, it brea dat wûnderlik bliuwt, it brea fan triennen en noeden, dat brea dat nei minsken priuwt’*

Lezing uit het Nieuwe Testament: Marcus 8: 1-21

Wij luisteren naar een lied, bij deze lezing, van Johnny Cash: *‘Breaking Bread’*



Preek

Dûmny begjint har preek mei dat doe’t sy thúskaam fan fakânsje der allemachtich grutte reuzen yn Ljouwert wiene. En sy lies de reaksjes fan minsken dy’t seinen: ja, dy reuzen, reusachtich mar noch mear wurdich is it gefoel fan mienskip, dat der dizze dagen yn ‘e stêd wie. *Mienskipssin liket ôfbrokkele te wêzen, mar is it langstme dêrnei dat ek?* Dan wie der noch in

oare reus, in wetterreus. Maarten van der Weijden makke yndruk op ús en kaam ús op it gemoed. En wer de gedachte: *Mienskipssin liket ôfbrokkele te wêzen, mar is it langstme dêrnei dat ek?* It hie ek wat religieus, by de reuzen tinke jo gau oan de reus Goliath, mar by Maarten hie it wier wat religieus, hy offere him folslein op, oant syn lêste grinzen súver, om sa jild yn te sammeljen net ta eigen meardere ear en gloarje, mar foar 11 ûndersyken nei kanker.

En dan, net yn 't lêste plak, hjir krekt ús reusachtige doarpsfeest mei as tema 'Fryslân yn byld'. Mei ek in protte mienskip en ferbining. En midden yn dit doarp ek dizze mienskip fan Kristus, dy't siket ien yn Kristus te



wêzen en in ljocht yn de wrâld. En wer de fraach: *Mienskipssin liket ôfbrokkele te wêzen, mar is it langstme dêrnei dat ek?* Kin dit ek in bliuwend plak wêze, dêr't minsken yn libben en dea in ûnderdak fine kinne? Dêr't bibelwurden útstruid wurde as bôle foar de siel, dy't nea oprekke. In plak om thús te wêzen by God, by ússels en by elkoar. In plak fan mienskip en ferbining. Sa't Doede Wiersma it moai ferwurdt oan 'e ein fan syn ferzje fan de tsien leefrigels: *Aazje net op wat in oar hat, haw leaver wat foar in oar oer.* Dêr wurdt it libben safolle riker fan, foar in oar en foar dysels. Johnny Cash sjongt sa moai en ienfâldich oer wêr't it yn de kearn op del komt, we binne hjir byinoar om bôle te brekken. It freget om fertrouwen, de eangst te boppen, fertrouwen yn de ûneindige goedens



en leafde fan God, wêrfan wy libje en diele meie. Hoechst gjin reus te wêzen, hoechst ek net 163 km te swimmen, Christus rikt ek dy it libbensbrea oan foar ûnderweis en om it troch te jaan. Sân bôlen en wat fiskjes wienen der foar 4000 minsken, en sân

kuorfol bleau oer nei it iten. Yn dit bestean jout God ús syn leafde as himelsk manna yn de woestyn, en meie wy dat diele, sûnder eangst dat der dan net genôch wêze sil. Sa't wy hieltyd

wer op 'e ny fertrouwen fine en ús eangst te boppe komme en leauwe te kinnen: dat we ite sille en oerhâlde. As we net fan berekening libje, mar fan leauwen, hoop en leafde. Amen.

Stilte en orgelspel

Dienst van de gebeden en gaven

Er worden mededelingen gedaan door de ouderling van dienst. De bloemen gaan vandaag als groet van de gemeente naar Petra Boomsma en Jaap en Mien Dijkstra

1^e collecte: Zending
2^e collecte: Onderhoud gebouwen



De diakenen krijgen hulp van Meike en Ymke.



Wij bidden onze **dankgebeden en voorbeden**. In **stilte** bidden wij ons persoonlijk gebed en wij besluiten met het **gezamenlijk bidden van het 'Us Heit'**

Als slotlied zingen wij Lied 534:

'Hij die de blinden weer liet zien, hun ogen kleur liet ondervinden is zelf het licht dat ruimte geeft: ons levenslicht, de Zoon van God'



Zending en zegen:

Wij gaan naar huis met de zegen van de Heer en beantwoorden de zegenbede met een gezamenlijk gezongen Amen.



Medewerkers

Voorganger:	Da. Wiebrig de Boer-Romkema
Organist:	Albert Minnema
Ouderling:	Truus Sterrenburg
Diakenen:	Wiebren Jongbloed en Nieske Span
Koster:	Haye de Boer
Beamer:	Steven Feenstra
Bloemen:	Klaaske de Boer

Verslag: CBB

Foto: ROB

